

In soarte fan bûgjen

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 073 1

1^e printinge 2018

© 2018, Geert Nauta

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert


Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

De ferhalen Rosarium (2013), Animaasjeknyn (2014) en Genede,
in soarte fan bûgjen (2017) binne earder ferskynd yn Ensafh.

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

In soarte fan bûgjen

Geert Nauta



Inhoud

1.	Animaasjeknyn	7
2.	Frida Boccara	22
3.	Eke mei har theorbe, in suite yn F#-mineur	40
4.	Rosarium	56
5.	It stjoeren fan jins seksuele enerzjy ... of sa	64
6.	Genede, in soarte fan bûgjen	80
7.	Noorder Dierenpark	92
8.	Surfer Dude	102
9.	Ausfahrt	116
10.	Obie	120
11.	Klikonflikt	124
12.	Liliana en de winterakonyt	128

Animaasjeknyn

Ik haw in glês wetter yn 'e hân. Ja, ik haw in glês wetter yn 'e hân! Se sille it my wol yn 'e hân treaun hawwe. Net drinke! Ik leau, ik set it mar efkes del. Of nee, better, ik hâld it yn 'e hân. Myn kninepak hawwe se my ek al útlutsen, op 'e túnbroek nei, oars hie ik hjir no yn 'e ûnderbroek sitten. Se hawwe de knyn strûpt, om sa mar ris te sizzen. En noch rint it swit my by de rêch del. En ik hear lûden, stimmen. Bekende stimmen. Ik haw ek wol nammen by dy stimmen mar ik kin it no allegearre even net rjocht by inoar krije. En ik hear myn namme, se hawwe it oer my. En dan stippe dêr ek noch twa blauwe miggen om. En Germ, myn lyts bruorke. Se wize nei my. Ik soe wol gnize wolle, as ik mar in bytsje wist wat der allegearre te rêden wie.

Ja, ús Germ. Germ hat altyd in ûnmooglike fint west. Doe't ik op 'e MTS siet en in fak leare woe, wie hy al mei skoalle opholden. Se koene him dêr dochs neat leare. Skoalle, dat wie foar wa't oars neat koe. En it waard der allegearre ek net better op doe't ik as technysk tekener oan it wurk koe by Van Assendelft Ingenieurs yn Ljouwert. In moaie baan, tocht ik. Germ net, Germ lake my út. 'Reinout, jonge, do bist in leanslaaf wurden.'

En dan meie jo dochs in bytsje hoopje da't sa'n jonge in kear in hiel lyts bytsje op syn bekje giet. Mar nee, hy wie noch gjin 24 jier doe't hy 'Vakantie Park De Koolmees' kocht. Mei staveringsflaters en al. Dat hie ea in 'Natuur Vakantie Park op idealistiese grondslag' west. Foar en troch alternative linkse jongerein. Der giene wylde ferhalen troch it doarp: nudisten en marihuana. Mar nei in pear jier wie de loop der al aardich út en doe't Germ it kocht, wie it net folle mear as in houten resepsje, twa suterige washokjes, in sliepsealtsje en foaral

seis hektare goddeleaze binde. De natuer hie al frijwat - wol wer hiel idealisties - syn gerak krigen. Germ hie kunde by de gemeente en sa koe Germ de grûn oernimme mei 'bestemming agrarisch', ûnder betingst dat it wer ornearre waard foar rekreasje. Kleare korrupsje fansels. Hielendal doe't hy der ûnder itselde betingst noch trije hektare by keapje mocht.

Mar fiif jier letter lei it der kreas hinne. Der wie in swimbadsje, in boarterstúntsje, in kreaze resepsje, it wetter en it elektrysk wie foarinoar en it sanitêr wie by de tiid en skjûn en himmel. Dat wie dan eins wol wer wat spitich: der koe net in jierdeibesite foarby gean of Germ hie it oer himsels en oer 'Vakantiepark De Kobbe.' En oer de fêste gasten, oer syn freonen dy't wol fiif jier yn 't foar boeke woene.

'Och jonge, se wurde gewoan deunsk fan my, dêr by de bank.'

Yn de earste jierren holp ik noch wolris mei, en it hie wier wol myn bedriuw mei wurde kinnen. Dan hie ik de tekenerij lizze litten. As myn bruorke mar net sa'n ûnmooglike fint west hie.

Yn 2011, krekt nei it 25-jierrich bestean fan Vakantiepark De Kobbe frege de krisis om in 'strategische heroriëntatie' sa't Germ it neamde. Syn sjarmes by de bank wiene wat útwurke: hy wie sawat fallyt. Dat lei him dan wol net oan Germ syn ûndernimmerskip fansels, mar de situaasje frege om in nije dynamyk en sadwaande waard Germ franchise-ûndernimmer ûnder de paraplu fan 'Beyaert Vakantieparken & Leisure' út Dendermonde. Fansels gie dêr yn België de flagge út en giene de dansmariekes oer strjitte doe't Germ syn poat ûnder it kontrakt sette, mar ik seach allinnich mar hoe't de Belgen dêrnei de saak oernamen. De resepsje waard renovearre, it swimbad gie ticht en der koe gjin mail mear de doar út of der stie it Beyaert-logo boppe. Yn pears en giel. Wa betinkt

soks? En, net te ferjitten, Cocó makke syn opwachting. Cocó het konijn, een speelkameraadje voor alle kinderen. De kinderen slaken gewis een vreugdekreet als Cocó voor het voetlicht treedt. Dat wie dan wol moai, mar Cocó - of better, it kninepak dat we tastjoerd krigen - krige fan Dendermonde út nochal wat ynstruksjes mei: ynearsten hjitte hy Cocó en net Cóco. Fierders koe Cocó net prate, mar wol wer dûnsje. En, der moast altyd ien by Cocó yn 'e buert wêze, oars gie hy mei syn ûnmooglike grutte platpoaten op de leave lytse berntsjes stean. Cocó seach nammentlik net safolle as er yn syn pak siet. Cocó hâlde him fierders oan in strakke planning. Op 'e minút ôf stie foarskreaun wêr't Cocó wie en wat Cocó die. It hiele jier troch. En Cocó koe hiel goed swaaie nei berntsjes. En alle berntsjes swaaiden nei Cocó, teminsten, dat wie it doel. Om koart te gean kaam it hjir op del: Cocó ried moarns mei in kärke oer it terrein om de berntsjes goeiemoarn te winskjen, middeis nifele hy wat mei de bern en om fiif oere wie der in disko mei Cocó: de Cocódisko.

'Het ros Beyaert,' sei ik, en ik wiisde op it logo, doe't ik ôfrûne hjerst by Germ oer de drompel stapt wie. Ik hie fan de iene op de oare dei dien krigen by Van Assendelft. Goed 24 jier yn tsjinst west, goed sûn, in eintsje oer de fyftich hinne en dan fan de iene op de oare dei thús. De frou skrok hast noch mear as ik fan it idee dat ik thús kaam te sitten. Ik wachte noch in wike, mar stapte doe dochs mar op Germ ôf. Afke hie dêr in beskate rol yn.

'Gjin wurk mear, no moai juh, dat komt goed út,' sei Germ, doe't ik him it nijs die, 'ik kin noch wol in mantsje brûke fan 't maitiid.'

't Ros Beyaert, kensto dat ferhaal?' Germ koe dat ferhaal net, mar hy koe wol 'ons verhaal', it ferhaal fan Beyaert Vakantieparken & Leisure. Hy begûn my te fertellen oer

de misje fan it bedriuw, en de fyzje, en de strategyske takomstferkenning. Dat wie dan wer moai op tiid, want doe't ik ein jannewaris los soe as ûnderhâldsmantsje, wie der yn Dendermonde surseânse fan betelling oanfrege. Der kamen even gjin herderlike skriuwens mear út Dendermonde en ik hie it idee dat Germ wat yn panyk wie. Ik krige der suver aardichheid oan. Mar omdat elkenien die oft der neat oan 'e hân wie, begûn ik mar gewoan wat om my hinne te pielen.

No binne fakânsjeparken yn febrewaris net op harren geunstichst, of krekt wol, it is mar hoe't jo yn it libben steane. Ik stipte dêr wat allinnich om en ik fûn it prachtich. Alles wie like wiet en dea en treasteleas en foaral stil. Alles wie yn ôfwachting fan it nije seizoen, fan nije gasten, fan nij libben, mar ik wist dat dit jier dit lytse keninkrykje wolris ta in ein komme koe. Dêr waard it noch moaier, noch earmoediger fan. By alles wat ik opdrûgen krige, wie der mar ien betingst: it mocht neat kostje. Sadwaande wie ik mei in panspûnske dat ik fan thús meinaam hie, de lampekapkes op de fjildsjes oan it skjinmeitsjen, sadat de namme fan it Dútske biermerk wer te lêzen wie. Fjouwer lampkes op elk fjild. Wat stikken wie, bleau stikken. It wie myn earste putsje. Dêrnei wie it wat ûnkrûd wjudzje, beamkeguod besnoeie, oeral mei de hegedrukspuit by del, datsoarte fan putsjes. Ik pielde de hiele dei wat allinnich om en dat foldie my skoan. It waard my ek dúdlik hoe't it mei de bruorrelaafde siet. Fan de trije man dy't Germ it jier dêrfoar oan it wurk hie, wiene der twa fuortrûn. Se hiene spul krigen. Ik hie it mei Germ noch net oer lean hân. Allinnich David wie oer fan de âlde ploech. En Kyra, myn nichtsje.

Ik kaam foar it earst mei David yn 'e kunde doe't Germ my nei him ta stjoerde. David wenne yn de karavan fan meneer Kortekaas. De karavan dêr 't meneer Kortekaas himsels yn ferhongen hie. Omdat net ien de brol oprêde woe, en omdat

it plakje gewoan trochbetelle waard, hie David tocht: dan kin ik dêr wol terjochte. De earste kear dat ik dêr troch de doar stapte, seach ik in gaos. Oan it húried fan meneer Kortekaas wiene wat boartlike eleminten taheakke: trije laptops, in tablet, in gameconsole, it ôfwaskjen fan in wike of wat, klean, âlde kranten en David sels. It wie dúdlik net de bedoeling dat der minsken komme soene en David gnoarre my al gau wer de doar út. Dat fûn ik dan wer net sa slim, want it rûkte ek noch in bytsje nei meneer Kortekaas.

Oerdeis hie ik net folle lêst fan David. Net ien hie folle lêst fan David. Net ien seach David oerdeis. Jûns ek net. Ik wit net wêrom 't David yn tsjinst wie by Germ, of by Beyaert Vakantieparken & Leisure, mar dat koe my ek net in fluit skele. Mocht noch immen fan ús in berop dwaan wolle op in ICT'er mei in HBO-oplieding, dan wie David ús man.

De earste sneons fan de foarjiersfakânsje wie der in gearkomste foar it folsleine personiel. Kyra koe net, dus wy bleaune mei syn trijen oer. It die bliken dat Beyaert Vakantieparken & Leisure in trochstart makke hie. Ik krige bylden binnen. Ik seach it ros Beyaert, in lilck wrinzgjend hynder dat op de grûn stampte, de kop foaroer: lit de leie mar los, dan meitsje ik in 'trochstart'. Germ waard der net folle rêstiger fan, fan it idee fan sa'n trochstart. Dat fûn ik dan wol wer aardich. Germ hie ek noch oar nijs. It foarskrift út Dendermonde sei dat yn de foarjiersfakânsje Cocó wer syn opwachting meitsje soe. It nije kninepak fan dat jier wie binnenkommen. Foar it nifeljen en in disko foar de bern luts Kyra it kninepak oan. Foaral omdat se sa leuk dûnsje koe. Moarns koe Kyra net, dus moast ik yn it pak foar it Cocó-goedemorgen-appel. David en ik soene yn it elektryske golfkarke, de EZ-Go golfcaddy, oer it terrein ride en ik soe swaaie nei alle bern op it park. Dan wie der oan 'e ein fan de rûte noch in meet-en-greet mei Cocó en

dêrnei moast it pak wer gau út. David hie rûtine. Hy hie it hiele foarige seizoen mei de EZ-Go en de Cocó-fan-tsjinst moarns oer it park riden. Hy sei neat, mar liet my in briefke mei de rûte derop sjen. De tiden hie er derby skreaun, sawat sekuer op de minút ôf.

Dy moandeis stie de EZ-Go al klear doe't ik oanrinnen kaam. Mei David deryn. It wie krekt drûch wurden en der wie in suterich sintsje waar te nimmen. It kninepak lei achter de resepsje klear, ik koe my yn de pantry omklaaie. It pak siet noch nij yn it plestik en it duorre allegearre wat langer. Even letter stapte ik yn de EZ-Go. Twa minuten te let sa't David my sjen liet doe't er my syn skema foar de noas hâlde.

De fjildsjes op de camping hiene allegearre fûgelnammen krigen. Op ferrinnewearre houten buordsjes stie sa'n fûgel dan ôfbylde. Der wie net folle mear fan te sjen. De rûte begûn by Klikstirns, in karavanplak dat no noch hielendal leech wie. Doe Ielgoes, dat der al krekt sa hinne lei, Dûkelmantsje, Feale swel, Beamwikel, allegearre leech op in inkelde karavan nei dy't winters stean bleaun wie, somtiden hielendal ynboud: in sket derneist, in pergola, in fytsehokje, in barbecueplakje, allegearre like suterich, like grien en glysterich. Doe de twa trekkersfjildsjes, Markol en Reade wikel: ek leech en ek noch foar in grut part in wetterdobbe. Ik betocht my dat myn snoeimeske hjir noch lei en frege David om even te stopjen. Koe net. Dat liet it skema net ta. Op de Skiere goes stie de karavan fan meneer Kortekaas. Goed fyftich meter dêr foarby hâlde David stil.

'Wat no,' frege ik him

'We rinne foar op skema.'

'Mar wêrom wachtsje wy dan hjir?' David pakte syn papierke der wer by en wiisde mei syn wiisfinger op de plattegrûn: Reiddomp, 10.14 uur. 'Hoe let hasto it?' frege David. 'Sawat

tsien oer tsienen, kertier oer tsienen, skeelt net alles oan,' antwurde ik. 'Kninen hawwe gjin horloazje om.' David skodde mei de holle en swijde.

'Sis, David,' begûn ik opnij, 'wêrom ride we dizze rûte? Der is net in harsens te sjen.' Ik krige gjin antwurd. 'Sis, David, hie ik no ek swaaie moatten nei de berntsjes?' David seach my oan wylst de EZ-Go wer yn beweging kaam.

By de Skierroek, ien fan de twa fjildsjes mei steankaravans, wiene wat gasten. In famke fan in jier as fjouwer kaam ús al temjitte rinnen.

'Cocó, Cocó!' lake se blier. Heit en mem kamen al like blier oanrinnen mei harren telefoan yn 'e hân.

'Swaaiel!' siste David my ta. Ik swaaide en lake blier. Mar ik betocht my ynienen dat soks net safolle doel hat mei sa'n kninekop oer de holle hinne. Ik seach sels mar kwalik wat.

'Moatte we net stopje?' frege ik oan David.

'Cocó kin net prate, tink derom!' It karke kaam stil te stean en ik krige tiid om even te fûstkje mei it famke.

'Zeg maar dag tegen Cocó, Meryem. Hallo Cocó, dit is Meryem. Zij was hier vorig jaar ook al, hè Meryem?' Mem die as wie ik âlde kunde. Heit glimke even ferfeeld en seach om him hinne. Der wie ek noch in jonkje. Hy siet op de skommel. Heit rôp him: 'Musa, kom Cócó even gedag zeggen.' 'Cocó,' ferbettere David him. Musa wie wat âlder as syn suske. Musa kaam, mar net fan herte. Hy joech my in slap hantsje en seach my oan.

'Jij bent geen konijn, jij bent een man in een raar pak. Heb je ook wat, een kleurplaat ofzo?' Ik seach David oan mar dy joech gjin lûd. Musa draaide him om en rûn fuort. Ik woe der achteroan mar ik betocht my op 'e tiid dat ik dochs net mei him prate koe neffens de foarskriften út Dendermonde. Dus ik swaaide noch mar wat nei Meryem. David wiisde op syn pols

en doe't ik lang om let wer yn it karke siet, jage hy mei gong wer werom. Doe't we by de resepsje werom wiene en ik nei binnen rûn, seach ik David al mei Germ yn 't petear. Efkes letter stapte Germ op my ôf. Ik wie even benaud dat er wer oer 'ons verhaal' begjinne woe en krige ek noch gelyk.

'We hawwe ôfspraken jonge, tiden ensa. Dêr hoechst net oer yn diskusje mei David. David kin der ek min oer. David docht gewoan syn wurk. Do bist in knyn, tink derom, of nee, do bist in technysk tekener sûnder wurk yn in kninepak.' Germ lake lúd, joech my in klap op it skouder en rûn fuort. Ja, en do stiest in knyn út te gnizen, tocht ik, mar ik sei it mar net. Dat wie dan myn earste meet-en-greet, mei myn bruorke.

Dy nachts hie ik in dream. Op de iene of de oare wize stie ik earne by Nij Altoenae oan 'e kant fan 'e dyk mei in jonkje oan 'e hân. It reinde hûnehokken. Ut de fiere fierte wei kaam in golfkarke oan mei in brimstige bestjoerder deryn mei neist him in ezel. Ik hâlde de mannen oan en sei tsjin de ezel dat er syn wurk net goed die en dat er fan my dien krige. It pak moast út. De ezel begûn te gûlen. It wie gjin pak, hy wie in echte ezel en hy hie o sa syn bêst dien mei swaaien en ezel wêzen. It jonkje dat ik oan 'e hân hie, pakte syn krúsbôge en skeat de ezel del. 'In genedeskot,' ferklearre er tsjinoer de oaren. Mei in pylk tusken syn eagen waard de ezel yn de kadaverbak lein, dy't blykber achter ús wie. Germ wie der ynienen ek bykaam. De bestjoerder sloech mei de swipe op it karke en mei syn fjouweren rieden we mei in gong as in kûgel wer fierder oer it smelle dykje.

De oare moarns wie ik krekt wat earder. Ik hie op 'e tiid myn pak oan en twa minuten foar tsienen siet ik yn de EZ-Go neist David. We hiene twa minuten oer om nei de rein te sjen foardat it karke yn beweging kaam. Klikstirns, Ielgoes, Dûkelmantsje, Feale swel, Beamwikel, Markol, Reade wikel ... Ik hie it op myn

wize drok mei it swaaien nei de lege fjildsjes. Ik hie der op rekkene dat David dochs in soarte fan reaksje jaan soe op myn swaaien, mar ik begûn te begripen dat dit soarte fan irony net oan dizze briljante ICT'er bestege wie. By de Reiddomp rûnen twa skiep. Ik swaaide noch wat hurder. De beide froulju seagen my goedwillich mar swijend oan. By de Skiere goes hâlden wy wer stil.

‘Sis, David, hasto in faam?’ Neat oars as narjen fan my fansels. David helle ynienen in telefoan út de bûse. ‘No krije wy it,’ sei ik, ‘in foto fan Miss Universe, de faam, revenge of the nerd.’ Mar der barde neat. ‘Nee,’ sei David en hy tipele even wat op syn telefoan om foardat we fierder rieden. By de Skierroek stoppe David wer. We seagen net ien. De famylje Hassan of sa wie dus net fan doel om yn de eazjende rein nei bûten ta te kommen. David woe alwer trochride doe’t ik it jonkje gewaar waard; hy hie him ferskûle ûnder in campingtafel.

‘Ho, wachtsje even,’ sei ik tsjin David en ik wonk it jonkje. Hy kaam op ús ôfrinnen en ik makke him dúdlik dat er tusken ús yn sitte koe. Dat die er. David gnoarre efkes.

‘Is dit jouw werk, konijn zijn?’ frege it jonkje oan my. Cocó’s prate net en dat makke it wat ûngemaklik. Ik hie hoop dat David ynspringe koe, mar dy hie it te drok mei syn telefoantsje en mei it deasjitten fan fûgeltsjes.

‘Mijn vader kan gewoon vakantie nemen als hij dat wil. Jij niet hè? Jij moet altijd werken.’ Musa hie it stjoer fan it karke beetpakt en die froemfroem-lûdsjes. ‘Hoe hard kan deze? Vast niet hard. Mijn papa heeft een B&W. Die kan heel hard.’ It wie net dúdlik tsjin wa Musa it hie, mar dat joech ek neat, want David joech gjin lûd en dejinge dy’t him wol graach tasprekke woe, mocht net prate fan Dendermonde. Dus ik skodde mar wat mei de holle hinne en wer en swaaide wat mei de hannen: Cocó blij. Ik tocht: do soest gewis een vreugdekreet slake moatte en

huppelje fan blydskip by it sjen fan dizze kindervriend, mar dat haw ik dy noch even net dwaan sjoen. Untankber mormel. Musa, Mozes. Se soene dy ek wer weromstopje moatte yn dyn kuorke. Hup, sa it Van Harinxmakanaal op! Gelokkich wiisde David wer op syn pols wêr't gjin horloazje te sjen wie. Achter op skema! Werom nei de resepsje!

'Sis Germ.' Germ siet wat doelleas foar him út te sjen by de resepsje. 'Ha, Cocó jonge! Hast hjoed wol genôch swaaid nei de leave berntsjes? Hast de leave berntsjes bliid meitsje kinnen?' 'Sis Germ, is it ek in idee om allinnich it rûntsje te riden, sûnder ús ICT-spesjalist?'

'Bêste Cocó, kindervriend, wêrom tinkst dat ik ien mei dy meistjoer? Wêrom tinkst dat ik net David yn sa'n pak setten haw?'

'No, dat lêste omdat dan lang om let sa'n leaf berntsje in reis foar syn harsenske krije soe fan dat segryn.'

'Krekt. En oars soe er hielendal oant tolve oere op bêd lizze. En as ik dy derop ôfstjoer, dan komst noait wer werom. Moaie kombinaasje dochs? Boppedat, ik haw dochs gjin wurk foar jim beide.' Dat lêste wie net wier. De cv-tsjettel, beamkes en strúkjeguod, en sa wie der noch wol wat mear te betinken.

'Mar eh, Reinout, no 't wy it der dochs oer hawwe, oan 'e ein fan dizze wike bisto hjir klear.' Ik wie even te ferstuivere om fuortendaliks lûd te jaan. 'Ik krij dien? Mar dan haw ik even in fraach. Wêrom nukst David der net út?' Ik tocht dat ik in puntsje hie, mar ik hie my better stilhâlde kinnen. 'Jonge, do krijst fan my dyn frijheid wer werom. Sa moatst it sjen. En boppedat, it soe dochs hartstikkene sneu wêze foar sa'n jonge as David?'

Dy nachts dreamde ik dat ik by de slach op it Merelveld stie. Yn myn kninepak. De troepen fan de sultan kamen mei hûnderten behindige hynderkes op ús ôf. It kanonnefjoer lûge

heech op, de artillery wie útinoar slein, net ien dy't him noch troch in oar stjoere liet. Ik besocht noch ien ding om it ûnheil te kearen. Ik stapte yn myn EZ-Go en ried rjocht op de fjanlike troepen ôf. Even hâlden se del, fertwivele, wachtsjend op in befel. Mar doe't ik mei myn foartsjiltsjes yn 'e drek fêst kaam te sitten, wie it pleit beslikke. Ik waard meinaam nei de sultan. Hy frege alles oer myn golfkarke. Hy woe ek sa'n ding hawwe, sei er. Hy wie efkes stil en ik leaude him. Mar doe ynienen begûn er hiel lûd te laitsjen. 'Goai dy klaaiklute op de brânsteapel! Libben!'

De woansdeitemoarns wie ik wat letter op myn wurk. Om earlik te wêzen lei ik om tsien oere noch op bêd. Om 10. 36 oere koe David opskriuwe: aanvang ochtendappèl. Hy sette in streek ûnder it wurd 'ochtend.' Fierders wie it programma itselde: Klikstirns, Ielgoes, Dûkelmantsje, Feale swel, Beamwikel, Markol, Reade wikel, Reiddomp, Skiere goes, Knobbelswan, Skierroek. Ik swaaide noch wol, mar ik hie betocht dat ik der dan ek mar wat lûd by jaan moast. It wie o sa dizich - it sicht wie minder as fyftich meter - sadat de bern harren kindervriend net seagen, mar wol fan fierwei oankommen hearden: 'Hier is Cocó het konijn, welk lief kind wil er niet bij hem zijn? Voorwaar, 't zij niet verzwegen, een vriend als Cocó komt nooit ongelegen.' Ik hie min slept dy nacht en ik hie der midden yn 'e nacht ôf west om dy flauwekul te betinken. It miste syn útwurking net. 'Ziehier, ik roep u aan, met Cocó ...'

'En no dy de bek hâlde!' David hie de EZ-Go stilsetten by de Feale swel en wiisde mei in finger omheech. 'Do koest wol net goed doge.'

'Amai, mon bonhomme,' sei ik yn myn bêste Flaamsk, 'bisto no lilck op in ferklaaide knyn? En noch even wat, wa heart ús hjir? Wa hat der lêst fan? Twa skiep, op syn heechst. Mar okee, ik hâld my de bek wol.' Ik begûn daliks om my hinne te swaaien.

‘Sa better?’ Doe seach ik Germ op de fyts oankommen. Heal út it karke wei hingjend en âljend kaam ik him temjitte: ‘Germ, Germ, hjir is Cocó, de kindervriend.’ Germ die as seach en hearde hy my net.

By de Skierroek seach ik net ien. Tsjin alle ynstruksjes yn stapte ik út it karke. Ik stie daliks mei myn kninepoaten yn in wetterplasse. Ik gie midden op it fjildsje stean en seach om my hinne. Alles like ferlitten, mar der swaaide ynienen in doar iepen.

‘Ik vind jou een kutkonijn,’ rôp it jonkje. No hie ik ynienen wól it idee dat elkenien op de camping it hearre koe. Ik koe noch krekt sjen hoe’t mem him in draai om de earen joech. It famke stie foar de ruten fan de steankaravan.

‘Ga sorry zeggen tegen die aardige meneer Cocó.’ It jonkje kaam op my ôfrinnen mar ik seach dat er noch wille hie om wat er sein hie. ‘Sorry meneer Cocó.’ Hy stie my gewoan út te laitsjen. Ik bûgde foaroer:

‘Zeg jongetje, weet jij wel dat jouw papa niet jouw echte papa is?’

‘Mijn vader zegt dat het heel zielig is als je voor je werk in zo’n pak moet.’ Ik soe krekt op it Frysk oer doe’t op datselde stuit de heit nei bûten kaam mei Meryem oan ’e hân. O sa freonlik swaaierend kamen beide op my ôf. David kaam oanrinnen en hie foar de beide berntsjes in kleurplaat fan Cocó en in doaske kleurpotleadsjes. Ik frege my ôf wêr ’t dy ynienen weikamen. Meryem naam de kleurplaat en de potleadsjes mei beide hantsjes oan. Musa skuorde de kleurplaat út syn hannen wei en rûn fuort. Doe’t we nei it karke werom rûnen, kaam my in papieren fleantúchje achternei. Mar, it wie aardich bedoeld fan David. Dat dan wer wol.

‘Hé,’ rôp Musa ús nei, ‘zijn jullie broers ofzo?’

Ik dreamde dy nachts dat ik Wubbo Ockels tsjinkaam wie.

We wiene mei in grutte groep, mar ik foel op, fûn Wubbo. Wêrom, no dat wist er net. Ik wol, ik wie de iennige knyn yn it selskip fan astronauten. Ik frege Wubbo oft ik ek meimocht mei him yn sa'n raket. Dat mocht.

'Wachtsje,' sei Wubbo, 'dan lûk ik myn kninepak ek oan. We kinne oer in oerke of sa wol fuort.' 'It is gjin pak,' sei ik, 'ik bin in echte knyn.' Doe 't Wubbo weromkaam, hie hy syn kninepak oan. It wie folle moaier as dat fan my. Mei allegear technyske dinkjes deroan. We staptten yn syn raket en it earste dat er die, wie in fleske wyn iepenmeitsje. Dat fûn ik wol ferrassend. 'Mar alles wurdt dochs gewichtleas, dan fljocht dy wyn dochs alle kanten út?' frege ik. Wubbo sei: 'Do hast altyd al gewichtleas west, en wyn is hielendal net goed foar dy.' 'Ik wol der wer út,' sei ik.

Dy tongersdeis waarden de dingen al foar it appèl gau dúdlik: Beyaert Vakantieparken & Leisure wie definityf fallyt. Elkenien koe him no wat mear op syn eigen leisure talizze. It betsjutte dat ik noch in dei earder thús kaam te sitten. David krige fansels ek dien en Germ kaam ek thús. Germ mocht freedts in buordsje op de doar spikerje: gesloten. Dan soene de Belgen der wol mei rêde. Foar de gasten fan dizze wike moast noch wol soarge wurde, en de seizoenklanten moasten berjocht hawwe. Dat mocht fan de Belgen dan wol wer oer de mail. De meidielingen fan Germ wiene koart en saaklik. Ik telde foar mysels de plussen en de minnen by inoar op en it kaam net iens sa raar út, it fiede hast in bytsje as in befrijing. Hie Germ dochs gelyk. By Germ wie net folle te fernimmen. Kyra wie der wer net by en David like mar ien soarch te hawwen: tsien oere wie tsien oere. Dat rêden we op omdat net ien fierders fragen hie, dat sadwaande tuften wy tongersdeitemoarns yn in moai skier sintsje wer by Klikstirns del, by Ielgoes, Dûkelmantsje, Feale swel, Beamwikel, Markol, Reade wikel, Reiddomp, Skiere

goes, Knobbelswan, Skierroek. Krekt as wie der neat te rêden. En der wie eins ek net safolle te rêden. En boppedat, we seagen it oankommen. Ik swaaide net, ik die ek net mâl, ik tocht allinnich mar oan hoe't Germ dit no wer ferpakke soe by de famylje. Hy hie it tsjinoer ús net iens raar dien. Hiel realistysk. Suver earlik nei ús en nei himsels ta. Ik tocht allinnich mar: Germ jout belies. Ha!

By de Skierroek stie de famylje Hassan ofsa al te wachtsjen. Op ús of op wat oars, dat wie net rjocht dúdlik. Musa stie midden op 'e dyk, de oaren noch op it fjildsje.

Haw ik dan dochts út it glês dronken? Dat soe net. It is wol gewoan wetter, dat gelok haw ik dan mar wer. En of it no troch it wetter komt of net, mar ik leau dat ik de saken wer wat rjocht achterinoar krij. Yn elk gefal haw ik om te begjinnen David út it karke wei skopt. Dat is wis. Ik sjoch ynienen wer foar my hoe't hy mei syn kop hurd op 'e stiennen telâne kaam. En ik sjoch noch de ferhearde gesichten fan heit en mem Hassan ofsa, doe't ik rjocht op dy Musa fan harren ôfried. Want dat haw ik dien, ik haw him oanriden. En ik bin earlik, it wie segenryk wurk. Ik haw de lêst fan mannich minske op my nommen. De siel fan de rjochtfeardige is yn Gods hân. Him sil neat barre. Untergang des Abendlandes? Net as it oan Cocó leit. Cocó de kindervriend. Ik seach it jonkje stean, mei de rêch nei my ta. Jonkjes moatte net mei de rêch nei Cocó ta stean, fyn ik. Ik âle lûdop dat der in tiid wie foar alles, in tiid fan swijen en in tiid fan praten, in tiid fan hate, in tiid fan freonskip. Ik seach út myn eachhoeke hoe't heit Hassan ofsa besocht yn de EZ-Go te springen krekt op it momint dat Musa oan 'e kant springe soe. Beide wiene te let. De wrake fan it gleone hynder en ik: Pegasus gelyk! En dan bin ik it wer efkes kwyt. Ik leau dat ik dêrnei Germ ek noch op syn bek slein haw, mar immen oars kin it ek